

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Eke Folkerts
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn maaie 2019, hat de FNP nei oanlieding fan observaasjes fan strafjochtadvokaat Tjalling van der Goot, fragen steld oan it kolleezje oer it gebrûk fan it Frysk by de rjochter.¹ Van der Goot seach dat spesjalistyske rjochtsaken hieltyd faker bûten Fryslân behannele wurde en fûn dat de wet dêrom oanpast wurde moat om it Frysk yn de rjochtbank rommer brûke te kinnen.</p> <p>Yn de Wet Gebrûk Fryske Taal (WGFT)² stiet dat ynwenners fan Fryslân by sittings by de rjochtbank Noard-Nederlân en it Hôf Arnhem-Ljouwert it Frysk brûke meie. Dêrbûten beslút de rjochter dêroer, wêrby kritearia jûn wurde by it gebrûk fan it Frysk yn strafsaken.</p> <p>Yn 2019 skreau it kolleezje “<i>yn de BFTK 2019-2023 jouwe wy ek oan te stribjen nei it fanselssprekkend gebrûk fan de Fryske taal by it gerjocht. Graach wolle wy besprekke hoe’t yn 2030 it Frysk net allinne mooglik mar ek fanselssprekkend wêze kin.</i>” It kolleezje wie it mei de FNP iens dat rjochtsaken dy’t har yn Fryslân ôfspylje of dêr’t meast ynwenners fan Fryslân by belutsen binne, yn it foarste plak yn Ljouwert behannele wurde moatte, mar joech oan dat soks troch de opset fan it rjochterlike systeem net altyd mooglik is..</p> <p>Omdat ferline wike op ‘e nij wer trelit ûntstie oer it brûken fan de Frysk by de rjochtbank fan Swol³, stelt de FNP no in tal ferfolchfragen.</p>
Fraach / fragen	<p>Yn 2019 fûn it kolleezje dat oanpassing fan de wet net oan de oarder wie. Ynearsten soe neffens de ôfspraken de Bestjoersôfspraak Taal en Kultuer 2019-2023 (BFTK) oerlis wêze mei de rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert.</p> <ol style="list-style-type: none"> 1. Binne der yntusken ôfspraken makke om saken mear binnen it eigen gebiet te hâlden? 2. Binne der yntusken ôfspraken makke oer it brûken fan it Frysk yn sittings dy’t om reden fan spesjalisasje of oare redenen⁴ bûten it gebiet fan de rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert behannele wurde? 3. As dat sa is, wat hâlde dy ôfspraken dan yn en fynt it kolleezje dat foldwaande? As dat net sa is, wêrom is dat fjouwer jier lang net slagge? Sjocht it kolleezje realistyske kânsen foar in aparte bestjoersôfspraak tusken Provinsje en de rjochterlike macht? 4. Of soe oanpassing fan de wet dan dochs in better alternatyf wêze?

¹ Skriftlike fragen FNP oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtsseal, 24 maaie 2019; Beântwurding DS fan skriftlike fragen oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtsseal, 18 juny 2019;

² Stb. 2013, 382;

³ Ljouwerter Krante, ‘*Fries wil geen Nederlands praten in rechtbank. We zijn nu in Overijssel en ik kan dat niet verstaan*’, 18 augustus 2023;

⁴ By de saak fan ferline wike yn Swol wie de reden dat in famyljelid fan ien fan de tsjûgen by de rjochtbank Npard-Nederlân wurke;

	<p>De âld-wethâlder krige ferline wike yn Swol spul mei in rjochter (mei romme ûnderfining⁵) oer it ôflizzen syn ferklearring yn it Frysk, hoewol't dat syn wetlik rjocht is neffens kêst 10 fan de WGFT.</p> <p>5. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it goed is dat de provinsje ek oerlis fiert mei de rjochtbanken en gerjochtshôven bûten Noard-Nederlân/Arnhem-Ljouwert? Omdat krekt by de sittings dêr it wetlike rjocht om Frysk te praten by de rjochter yn in juridysk fakuüm ferdwynt en dan mear liket op in geunst troch de yndividuele rjochter?</p> <p>6. Wol it kolleezje der by de rjochterlike macht op oanstean dat – yn hiel Nederlân – rjochters op de hichte brocht wurde fan it belang en it rjocht om Frysk te praten by de rjochter?</p> <p>By it yngien fan de Wet Gebrûk Fryske Taal yn 2014 is it nije kêst 14 oer it opnimmen fan it proses-ferbaal yn it Frysk earst noch net ynfierd omdat der noch oerlein wurde moast mei de rjochterlike macht oer de ymplementaasje. Yn de memoarje fan taljochting stie dat it kêst binnen fiif jier ynfierd wurde soe, mar yntusken binne wy hast tsien jier fierder.⁶</p> <p>7. Is it kolleezje ree om der by de minister op oan te trunen om ek it lêste kêst fan de Wet gebrûk Fryske Taal no einlik yn te fieren?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	FNP, Sita Land-Dotinga
---------------	------------------------

Datum	21 augustus 2023
-------	------------------

⁵ Neffens ynformaasje op Open Rechtspraak is sy sûnt 2005 rjochter;

⁶ Parseberjocht: *FNP stelt Nederlânske regear yn fersom om Frysk*, 16 novimber 2021.